



ALLEGEAR KOMEEEDZJE

(Allemaal komedie)

Klucht yn trije bedriuwen fan

JAN KERKHOF

Fryske oersetting

Gurbe Dijkstra

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

(Grimas Theatergrime verkoop)

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **ALLEGEAR KOMEEDZJE – ALLEMAAL KOMEDIE** gaan opvoeren, dienen in alle programma-boekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **JAN KERKHOF** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © 2015 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **8** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten
van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN:

Marinus van den Bogaard - kalme, joviale man.

Truus - syn bazige frou.

Tina - harren troude dochter.

Annemarie - harren jongste dochter.

Rosanne - de buorfrou.

Bert - toanielregisseur.

Brúnhilde - Dútske dûnseres.

Pake - heit fan Marinus

DEKOR:

Normale húskeamer. Oan de muorre hinget in trompet, at dat net mooglik is dan in fluitsje fan in skiedsrjochter, leafst mei toutsje en al. Hjir en dêr sil dan de tekst wat oanpast wurde moatte. Neist de doar hinget in piperekje. Op in kast mei glês, ierdewurk en servys, stiet in recorder. Rjochts is de doar nei bûten, links de doar nei de keuken en oare fertrekken. Neist dizze doar stiet in grutte earmstoel mei in bysettaffeltsje. Yn de achtermuorre sit in rût. Ergens stiet in telefoan. Foaroan op it poadium is in sitsje mei wat stuoltsjes. (*klups*) Hjirboppe, in bytsje sydlyngs, hinget in kanarjekoai mei in boaiem fan karton. Fierder nei eigen ynsjoch ynrjochtsje.

EARSTE BEDRIUW

(at it doek iepen giet sit Marinus yn de grutte earmstoel te sliepen, hy hat in holledoek om en in stofjas oan. Ergens oer de flier stiet in draaiende stofsûger. Marinus snoarket lûd. (kin eventueel oer de fersterker, want it moat boppe it lûd fan de stofsûger útkomme) Truus komt op mei de jas oan en se hat in boadskiptas of –kuorke by har)

TRUUS: *(op, sjocht ferheard, rint dan nidich nei de stofsûger en set dy út. Lilk nei Marinus)* Hee, luiwammes, dat is gjin stofsûgjen, sa wurdt de flier hjir nooit skjin. *(Marinus snoarket gewoan fierder)* O, en ik moast fansels tinke dat menear drok oan 't wurk is. *(se skoddet him flink trochelkoar)* Kom fan dyn luie reet en soargje dat dy flier stofsûge wurdt.

MARINUS: *(giet rjochtop sitten, wriuwt yn de eagen, sjocht Truus ferwûndere oan en sjongt)* En datte me toffe jonges zijn dat wille we weeeete...

TRUUS: *(bits)* Dat sille we witte, ja. *(se lûkt 'm út de stoel)* En no stofsûgje do, do hiest al lang klear wêze kinnen. Ik moat om boadskippen en dan tennisje. At ik thúskom hasto de keamer sûge en de flier dweile, is dat begrepen, toffe jonge?

MARINUS: Ja, ik ha 't begrepen, Truus.

TRUUS: En atst dat klear hast dan himmelst de ruten, is dat dúdlik?

MARINUS: Sa dúdlik as wat, sa klear as in klûntsje.

TRUUS: *(wiist nei de fûgelkoai)* En hast dy fûgelkoai al skjinmakke?

MARINUS: Dat is al lang klear, ik moat allinne de boaiem der noch ynsette.

TRUUS: En wêr hast de parkyt litten?

MARINUS: Dy sit sa lang yn de bûtenkoai, kin er fan it moaie waar genietsje. Wa wit begjint er wol te sjongen, hy sjongt grif better as do, do sjongst altyd it selde lietsje.

TRUUS: Ja, ja, soargje do no mar dat dyn wurk dien wurdt en weagje it net en gean wer lizzen te snoarkjen. Goeie. *(Truus ôf)*

MARINUS: Ja, goeie. *(steckt de tonge út en hellet in sigaret foar 't ljocht)* Snoarkje doch ik net mear, hear skatsje. *(hy rekt 'm út)* Mar wol even fan in sigaretsje genietsje. *(steckt oan)* Dat stofsûgjen ferjit ik leau 'k mar. *(even letter is er mei de sigaret yn de mûle oan 't dweiljen)*

PAKE: *(op, rint wat krom en mei in stôk)* O, hat se dy wer oan 't wurk set? Ja, ja, de morgenstond heeft goud in de mond.

MARINUS: Goemoarn heit, en besparje my dyn wiisheden.

PAKE: (*giet yn de earmstoel sitten*) Ik snap net datsto dy sa troch Truus kommandearje litst.

MARINUS: Do snapst wol mear dingen net, pake.

PAKE: Jou my de tabak en de piip even oan.

MARINUS: (*hellet in piip fan it rekje, pakt de tabak en bringt dat by pake*) Asjebleaf, en sitst lekker sa of moat der noch in kessentsje by?

PAKE: Ja jonge, ik sit goed sa. Wurkje do no mar troch oars krijst aansen wer op dyn faalje. Eigen skuld trouwens, ik ha dy genôch warskôge.

MARINUS: Ja, ja, heit, hâld no mar op mei âlde kij út de sleat te heljen. (*dweilet fierder*) Ik wie stekblyn doe't ik dyn dochter kennen learde, (*sucht*) en no is it te let. Ik moat myn krús geduldich drage.

PAKE: (*laket*) Sis dat wol, dyn krús, eh, mar jonge, it is noch net te let om der wat oan te dwaan.

MARINUS: Soest tinke? Tinksto dat der noch wat oan te dwaan is? Jou es in...

ROSANNE: (*op, it soe leuk wêze om Rosanne yn dracht op komme te litten*) Moarn Marinus, moarn pake.

MARINUS: (*skrikt, raamt de holledoek ôf*) Moarn, Rosanne.

ROSANNE: Moatsto dweilje, moatsto húsfrouke boartsje? (*laket*) Dat moatst dyn frou dwaan litte. (*pake stekt de piip oan, knoffelich, hy moat wol trije of fjouwer kear in lúsjefers oanstekke, foetert yn him sels*)

MARINUS: Wa, Truus? Eh, dy hat gjin tiid, dy moat sa noadich tennisje.

ROSANNE: (*ûnleauwich*) Dyn frou tennisje en do de flier dweilje? Dat hie 'k net ferwachte.

MARINUS: (*hellet de skouders op*) Ja, wat moat ik oars? At ik net doch wat se seit dan is der gjin lân mei har te besilen.

PAKE: En atst wol dochst wat se seit ek net, dan fynt se altyd noch wol wat dêr't se wol oer sanikje kin. It is in hellefeech.

ROSANNE: En do en ik moatte te folksdûnsjen, oer fjirtjin dagen ha we in optreden, ynternasjonaal noch wol. Dan moatte we goed foar 't ljocht komme. (*se docht in pear seksy dûnspaskes. Pake lûkt oan de piip en blaast grutte reekwolken de loft yn*)

MARINUS: Ik kin net earder fuort as at dit klear is, Rosanne. It spyt my.

ROSANNE: (*ferwûndere*) It spyt my? Dus dyn frou spilet de baas? (*spottend*) Do sitst aardich ûnder de tomme net? (*fansiden*) Hjir is de emansipaasje wol hiel fier trochfierd.

MARINUS: (*skrutel*) Emansipaasje?? Hoesa emansipaasje? Wat bedoelst?

ROSANNE: Do witst bêst wat ik bedoel, Marinus. Mar dit hoechst net te pikken.

MARINUS: Do silst wol gelyk ha, Rosanne. Ik sit ûnder de tomme, ik doch alles foar Truus. Ik bin har slaaf tsjin wil en tank. (*pake laket lûdop*)

ROSANNE: Wie myn Herman ek mar sa slaafsk en tsjinstber.

MARINUS: Dus dyn Herman hoecht net te stofsûgjen en te dweiljen en te rúthimmeljen...

ROSANNE: O la, la. Hy sjocht my oan kommen.

MARINUS: Ik moat wol! At ik it foar 't sizzen hie dan lei ik hjir wier net te dweiljen... dan... dan...

ROSANNE: Dan moatst soargje datst ûnder dy tomme weikomst.

MARINUS: Ja, mar hoe? Ik mei fan Truus net iens in rokerke opstekke.

ROSANNE: En wat is dat dan? (*wiist nei de sigaret fan Marinus en de piip fan pake*)

MARINUS: (*laket*) Stikeme dingen binne folle lekkerder, netwier pake? (*pake gnysket mar wat*)

ROSANNE: Dat sei Herman froeger ek altyd doe't we noch ferkearing hiene.

MARINUS: Dyn Herman is in mazzelkont, leau 'k.

ROSANNE: Mazzelkont. Hielendal net. Mar hy lit 'm net op 'e kop sitte en dat soesto ek net dwaan moatte.

MARINUS: (*oerein, dweil yn de amer*) Makliker sein as dien. Do kenst Truus noch net goed genôch, it is in echte haaibaai. (*sucht*) It is in krús.

PAKE: En gij zult uw kruis geduldig dragen.

MARINUS: (*nidich*) Pake, bemuoi dy der net mei.

PAKE: (*nuet*) Ik sis al neat mear.

ROSANNE: Do moatst dy es flink jilde litte en net alles presys dwaan wat sy seit, gean es op dyn strepen stean en wês in keardel.

MARINUS: Do hast maklik praten. Truus is echt stielhurd.

ROSANNE: (*slacht him op 't skouder en laket*) Dan moatsto noch hurder wêze dus. Do moatst dy net alles sizze litte. Gean es in kear tsjin har yn, gean yn staking...

MARINUS: Do koest wol by it fakbûn wurkje... Mar, mar hoe moat ik dat oanlizze? Se begjint altyd daliks te foeterjen at ik net doch wat se seit.

ROSANNE: Moai foeterje litte. Do moatst merke litte datst dy net mear koeienearje litst, datsto de baas bist en sy net.

MARINUS: Eh, mar ik kin doch net samar ynienen...

ROSANNE: Wat kinsto net? Do kinst alles, do moatst dy net op 'e kop sitte litte, do moatst es in kear flink fan dy ôfbite.

MARINUS: Allegear goed en wol, mar ik bin bang dat se like hurd werom byt.

ROSANNE: Krekt ja, do bist **bang** foar har en dat wol se graach sa hâlde. Sa lang atsto bang foar har bist, kin se dy nei har pipen dûnsje litte. Do moatst sjen litte datst net bang mear foar har bist, dan silst sjen hoe mak at se wurdt. Do moatst har nei dyn pipen dûnsje litte, sa heart it.

MARINUS: Do hast miskien wol gelyk, Rosanne. Ik bin bang fan har, mar hoe moat ik it oanlizze om dêr fan ôf te kommen?

ROSANNE: Ik ha in idee. *(se flústert him wat yn 't ear en wiist nei de trompet)*

MARINUS: *(prûst it út en sjocht har laitsjend oan)* Mei dy toeter? Soe dat echt wurkje?

ROSANNE: *(oertsjûge)* Atsto krekt dochst wat ik sis moatst mar es sjen hoe hurd at se oerstaach giet.

MARINUS: *(senuwachtich)* Bedoelst dat ik har mei de trompet op de kop slaan moat?

ROSANNE: *(laket)* Nee, Marinus, foarearst noch net.

MARINUS: Mar wat bedoelst dan? *(hy krijt mear ynteresse)* Sis dan wat ik dwaan moat.

ROSANNE: Kinst op dy trompet spylje?

MARINUS: Spylje, op dat ding. Nee, dat kin ik net.

ROSANNE: Wat docht dy toeter dan oan de muorre?

MARINUS: Dat is in erfstik fan ús heit. Dy wie by de fanfare.

ROSANNE: En do kinst der net op spylje? Mar do kinst der doch seker wol lûd út krije?

MARINUS: Dat sil wol slagje. *(hy hellet de trompet fan de muorre en blaast der flink op, goed lûd)*

ROSANNE: Ho mar, dat is prima, dat is krekt wat we ha moatte. En atst it goed spilest, dan wurdt se sa mak as in laam. Dan yt se dy út de hân.

MARINUS: Dus do bedoelst dat ik... *(flústert)*

ROSANNE: Presys! En folhâlde, al giet se noch sa tekear. Trochsette, dan is súkses fersekere.

MARINUS: Goed, ik doch it. Helpt it net, dan is der noch gjin man oerboard. Sa is 't ek gjin leven.

ROSANNE: Moai sa, Marinus. Ik wit seker dat it wurket. *(laket)* Wat soe ik der graach by wêze wolle atsto har mei dy toeter...

MARINUS: Leaver net, Rosanne. Miskien hat se it dan troch, want se is snoader as dat se der út sjocht. Se is gewykst, dat sis ik dy.

PAKE: *(kloppet de piip út, leit dy op it taffeltsje del, oerein en strompelt nei Marinus, kloppet him op de skouder)* Hear ik it goed, silst der wat oan dwaan? Silst Truus op de soademiter jaan om fan dat wurk ôf te kommen, jonge?

MARINUS: Do seist der neat oer, no pake? Do moatst gjin sliepende hûnen wekker meitsje, netwier?

PAKE: Wêr sjochst my foar oan? *(laket)* Trouwens, it kin der foar my ek allinne mar better op wurde. *(laket, krom rinnend ôf)*

ROSANNE: Dus pake hat ek wol yn de gaten datsto ûnder de plak sitst?

MARINUS: Pake is okee, dy stiet achter my, mar ja, ek hy sit behoarlik ûnder de plak fan syn dochter. Hy mei ek noait de piip net opstekke fan har. Hy docht it ek stikem.

ROSANNE: Sille we dan no mar? *(sjocht op horloazje)* It is de heechste tiid.

MARINUS: *(resolút)* Lit har it rambam krije mei dy flier. Ja, ik gean mei. *(giet oerein en mei in swaai set er de amer boppe op de tafel del)*

ROSANNE: Moai sa, it begjin is der. En sa atst witst is in goed begjin it heale wurk, no trochsette.

MARINUS: Ik set troch. Gean mar even sitten, dan klaai ik my even om. *(ôf, Rosanne giet sitten en pakt wat te lêzen)*

TINA: *(op, sjocht ferheard nei Rosanne)* Hee, Rosanne, do hjir samar hielendal allinne? Is der gjinien thús?

ROSANNE: Jawol, ik wachtsje op jim heit. Wy sille te folksdûnsjen. Hy klaait 'm even om.

TINA: Folksdûnsje? Dochsto dat ek? Is dat net ferskriklik saai?

ROSANNE: Wol nee fanke, atst ien kear witst wêr't it om giet en do begrypst wat de bedoeling is, is 't bêst leuk.

TINA: It liket my neat foar my, folksdûnsje, en dan dy tamme muzyk.

ROSANNE: Dat tocht ik earst ek, mar no't ik der in skoftsje by bin, fyn ik it hearlik. Foaral no't we Dútske dûnsen leare.

TINA: Dútske folksdûnsen? Dûnsje jim ynternasjonaal dan?

ROSANNE: Ja seker, der is hjir op dit stuit in groep Dútske folksdûnsers dy't ús de fijne kneepkes fan it fak bybringt.

TINA: In groep Dútske folksdûnsers? No, sjoch dan mar út. Ik ha heard dat Dútsers hiel romantysk oanlein binne.

ROSANNE: Ja, ja, by folksdûnsjen wurdt fansels de romantyk útbylde. Dat is krekt ien fan de grutte oantreklikheden fan it folksdûnsjen.

TINA: En Dútsers binne hiel romantysk en guon ek hiel temperamintfol.

ROSANNE: Dêrom fyn ik it krekt sa fijn, en at it der wat te hyt oan ta giet, och, dan ha ik altyd noch jim heit om my ôf te kuoljen.

TINA: Heit dy ôfkuolje? Ik sjoch it al foar my.

ROSANNE: Jim heit bliuwt altyd kalm, hy is myn grutte stipe by it dûnsjen. Dêrom fyn ik folksdûnsjen ek sa fijn.

TINA: Ik hear it wol, do bist hartstikke entûsjast, mar ik hâld it doch leaver by de disko. En myn man ek.

ROSANNE: No ja, ik leau dat de disko ek bêst ynteressant wêze kin foar leafhawwers.

TINA: Wy fine de disko hearlik. We kinne ús der lekker útleve tsjintwurdich foaral op house – muzyk. *(se docht in pear paskes)*

ROSANNE: Elk syn hobby. *(Marinus op, eventueel ek yn dracht, noch mar heal yn de klean)*

MARINUS: Hee Tina. Bist der útskopt fanmoarn?

TINA: Nee heit, gewoan betiid derôf. It wie fanmoarn sok moai waar, ik tocht eins dat ik hjir op de kofje komme soe.

MARINUS: Dat kloppet ek wol, do komst ek op de kofje, want wy moatte fuort. Rosanne en ik. *(makket yntusken de fifiers fêst en knopet de strik)*

TINA: Dat ha ik heard ja, mar dat hindert neat hear. Ik kom aansen wol wer at mem thús is.

MARINUS: It spyt my wier fanke, mar wy moatte fuort. At we net opsjitte komme we noch te let en ik wol neat misse.

TINA: Ha mar gjin noed heit, ik fermeitsje my wol. Ik rin de stêd wol even yn. Ik ha in leuk jurkje hingjen sjoen. En jimme in soad wille by it folksdûnsjen. *(ôf)*

ROSANNE: Atst sa fier bist kinne wy ek better mar ôfsette, Marinus.

MARINUS: Ik soe it gesicht fan Truus wol es sjen wolle at se sjocht dat de flier noch net skjin is.

ROSANNE: Ferjit Truus en de hiele flier en al dat wurk no mar es en konsintrearje dy op it dûnsjen.

MARINUS: Ik Truus ferjitte? Ik woe dat ik dat koe. Wat sil se opspylje at ik wer thús kom.

ROSANNE: Moai opspylje litte, atst dochst wat ik sein ha is 't sa oer. Sa't ik al sei: skylk yt se dy út de hân.

MARINUS: *(bang)* Ut de hân? *(hy sjocht bang nei de hân)* Se is by steat en byt my de hân derôf. Ja eh, sille we mar? Ik moat it no doch ôfwachtsje.

ROSANNE: Wat bist doch in skytsek, Marinus. Kop op man, op nei it dûnsfeest. *(ôf)*

TRUUS: *(even letter op, hat de tennisklean oan of treningspak. Racket by har, de fifiers fan de skuon binne noch los)* Wol potjandoarje, de fûgel is der tuskenút pykt. *(sjocht nei de amer en nei de flier)* En der is noch neat oan de flier dien. Seker doch nei it folksdûnsjen. *(se stekt de fûst omheech)* Ik sil him aansjen doch noch in kear de wacht oansizze moatte. Dit pik ik net. *(makket lilke de fifiers fêst)*

ANNEMARIE: *(op yn treningspak, fleurich hymjend)* Hoi mem, ik ha myn rûntsje der wer op sitten. Ik ha wol fiif kilometer draafd en ik bin bekôf. *(se docht in cooling down, sjocht es goed nei Truus)* Wat sjochst soer mem, in min sin?

TRUUS: Fynst it gek? Jim heit hie beloofd dat er de flier dweilje soe, mar hy is der tuskenút pykt.

ANNEMARIE: Soe heit de flier dweilje?

TRUUS: Dêr wie er mei dwaande doe't ik nei de winkel gong. Ik kaam derachter dat ik de beurs fergetten wie, en ik moat daliks ek noch tennisje.

ANNEMARIE: *(ûnleauwich)* En soe heit de flier dweilje?

TRUUS: Ja, dat wie de ôfspraak, mar hy hie der net folle sin oan. Ynstee fan te stofsûgjen lei er hjir yn de stoel te snoarkjen.

ANNEMARIE: Jou 'm es ûngelyk. En wêr is hy no hinne tinkst?

TRUUS: Nei it folksdûnsjen fansels wer. *(lytsachtsjend, nidich)* Mei syn freondinne Rosanne, ús nije buorfrou.

ANNEMARIE: *(pleaget)* Doch net jaloersk op de buorfrou, wol memke?

TRUUS: Ik? Jaloersk op dat mins? Nee hear, dy tiid ha 'k hân. Mar ik moast te tennisjen en yn de tuskentiid koe jim heit moai de flier even dweilje en no is hy der tuskenút fytst. Mar ik sil him. *(stekt wer de fûst omheech)*

ANNEMARIE: Kalm mem, tink oan dyn migrêne. Wêrom moat heit de flier dwaan, dweilje is doch frouljuswurk?

TRUUS: Ja sis kom no, ik de flier dweilje en hy te dûnsjen! Sjoch ik sa bleek?

ANNEMARIE: No ja, it is yn elk gefal in mooglikheid.

TRUUS: Of wolsto it soms dwaan?

ANNEMARIE: *(ferwûndere)* Ik? Ik bin wol wizer. Myn hobbys lizze op in oar terrein.

TRUUS: Dêr wie 'k al bang foar.

ANNEMARIE: Kinne jim it net tegearre dwaan dan?

TRUUS: Wat tegearre?

ANNEMARIE: Tegearre de flier dweilje en tegearre te folksdûnsjen. Dat is doch knots gesellich.

TRUUS: Ik folksdûnsje? Praat my der net fan. (*se tinkt nei*) At it no toaniel wie.

ANNEMARIE: Toaniel? Wat bedoelst? Soest wol by toaniel wolle dan?

TRUUS: Toanielspylje ha ik earder wol faak dien. Dat wie fantastysk. Dêr koe ik my alhiel yn útleve.

ANNEMARIE: En soest dat no wer wolle?

TRUUS: Wolle wol, mar wat moat ik no op dizze leeftiid noch by toaniel... och, ferjit it mar.

ANNEMARIE: Wat hat dat mei leeftiid út te stean.

TRUUS: Eartiids spile ik by Keunst en Kolder. Dat wie my in tiid. (*se sjocht ferhearlike omheech*)

ANNEMARIE: Watfoar stikken spilen jim sa al?

TRUUS: Alles. It heucht my noch dat we 'De fjouwer seizoenen' spilen fan Antoon Coolen. Ik wie de mem. It wie krekt as makke ik it sels allegear mei.

ANNEMARIE: Kinst my net in stikje sjen litte?

TRUUS: Ja, miskien wol. Ik ken noch in sêne út: (*titel sels ynfolje*)

ANNEMARIE: Kenst dat no noch út de holle?

TRUUS: It wie in romantysk stik. Wachtsje, ik ha it boekje hjir noch ergens, leau 'k. (*siket*) Hjir ha 'k it. (*jout Annemarie it boekje*)

ANNEMARIE: Doch es in stikje. Ik wol dat graach sjen.

TRUUS: Lakest my net út at it net goed giet?

ANNEMARIE: Fansels net mem. Begjin mar.

TRUUS: Mar dan moatsto wol myn tsjinspiler Paul wêze.

ANNEMARIE: Ik dyn tsjinspiler?

TRUUS: Do lêst de rol gewoan op. (*blêdet yn it boekje*) Hjir ha ik dy sêne. It giet oer in jonge en in fanke dy't al hiel lang fereale op elkoar binne, mar it no pas doare te sizzen. Do bist Paul, dit is dyn tekst. (*se wiist it oan*) Begjin mar.

ANNEMARIE: (*lêst*) Do hast my skreaun datst fan my hâldst, Tilly. Mienst dat echt?

TRUUS: (*drôvich*) As soest dat net witte, Paul, dat ik fan dy hâld. As soest dat fan it begjin oan al net witten ha. Wat silst om my lake ha.

ANNEMARIE: Nee Tilly, sa is 't net. Ik bin altyd gek op dy west, dat witst.

TRUUS: Hoe koe ik dat witte? Ik ha noait gedachten lêze kinnen. (*Tina op, bliuwt yn de doar stean mei de mûle wiid iepen*)

ANNEMARIE: Ik wit it noch as de dei fan juster dat ik dy myn leafde ferklearre en dy tute ha.

TRUUS: (*teatraal*) Paul!!!! Do bist de leafste en de útsûnderlikste man dy't ik ea sjoen ha.

ANNEMARIE: Tilly, ik hâld fan dy en ik wol hiel graach mei dy trouwe.
Wat wurdt it, ja of nee?

TRUUS: Fansels wol ik mei dy trouwe, leave dwaas fan my. *(se helje elkoar oan en tútsje elkoar)*

ANNEMARIE: Leave sei, it is krekt echt.

TINA: *(klapt yn de hannen en seit laitsjend)* Wat wie dat foar in drama? Romeo en Julia soms?

ANNEMARIE: Fûnst it leuk, Tina? Wy spilen toaniel.

TINA: *(spottend)* Do mienst it.

ANNEMARIE: Wat is dat prachtich mem. Ik krige de triennen der fan yn de eagen.

TRUUS: Ja, dat is in rol dy't my hiel bot oanspruts.

TINA: Ik krige ek triennen yn de eagen, fan 't laitsjen. Wat in komeedzje.

ANNEMARIE: Do moatst wer by toaniel gean mem, do kinst it.

TINA: *(entûsjast)* Ja mem, dat fyn ik ek. Ik fûn it krekt echt.

TRUUS: Der sit gjin toanielferiering om my ferlegen. Dy ha leaver jong talint en der binne leafhawwers genôch.

ANNEMARIE: Jong talint? Mar mem, do bist ommers hielendal net te âld foar toaniel. En boppedat binne der ek senioareklups.

TRUUS: Hâld der mar oer op. It is allegear ferline tiid. Myn tiid hat west...

ANNEMARIE: Ik sil even kofje sette. *(nei de keuken)*

TRUUS: *(sjocht op horloazje, hastich)* Sa let al? Ik moat te tennisjen. Dochsto de boadskippen aansjen even? Hjir is it listje. *(jout Tina in briefke)*

TINA: Goed mem, ik moat doch sels ek noch nei de winkel. Drinkst net in bakje mear mei?

TRUUS: Nee, ik moat wier fuort. Myn tank en oant aansjen. *(ôf)*

TINA: *(sjocht op it listje en lêst lûdop, listje nei eigen goetinken oanpasse)* In brune bôle. In pakje bûter.

PAKE: *(op, strompeljend nei de stoel, harket oandachtich nei Tina, stoppet de piip)* Is se fuort?

TINA: Mem bedoele je? Ja, dy is te tennisjen.

PAKE: Gelokkich. *(stekt de piip op)*

TINA: *(giet fierder mei it lûdop lêzen)* Ynliskrúskes, mei fleugelstjes. In set tennisballen, de djoerste útfiering, pakje kondooms, rikke woarst, twa tanga slipkes, doaze frikadellen, pantys, maat L, pakje sjek, de goedkeapste.

PAKE: En foar my in pakje piiptabak, mar net dy rommel dy't Truus altyd meinimt.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto